

Ledegearkomste Skriuwersboun

21 april 2022

Oanwêzich: Elske Schotanus, Albert Schaafsma, Pieter de Groot, André Looijenga, Sipke de Schiffart, Hindrik van der Meer, Lida Dijkstra, Koos Tiemersma, Baukje Zijlstra, Victor Schiferli, Ammerins Moss, Reina Kroodsma, Jan H. Woudstra, Trevor Scarse, Pier Boorsma en Willem Verf

1. Iepening, fêststellen wurklist

De gearkomste wurdt om 19.43 oere iepene troch de foarsitter.

Willem Verf hjit de sprekker, Victor Schiferli fan it Letterenfonds, wolkom. Ammerins Moss fersoarget in simultaan oersetting fan de gearkomste foar him.

Fanwege in brief fan Koos Tiemersma wurdt der in puntsje taheakke oan de gearkomste oer de Wurkgroep Honoraria.

2. Wurkgroep Honoraria

Koos Tiemersma wol graach in ekstra gearkomste ha dêr't leden it plan beprate kinne fan de wurkgroep sa as presintearre op 21 april. It wie neffens him net dúdlik kommunisearre dat leden derby wêze mochten, ek om't in soad leden noch huverich binne troch koroana.

Ek wie der kryptyk dat de leden it plan besjen en goedkarre moatte hiene foardat it plan wrâldkundich makke waard. It is moai dat sokke kommisjes foarstellen betinke, mar de leden moatte harren goed ynlêze kinne yn en tiid ha om nei te tinken oer en kryptyk te jaan op plannen dy't grutte effekten kinnen ha op (de ynkommens fan) de leden

Willem stelt hjir tsjinoer dat alle leden wolkom wiene om sit te nimmen yn de wurkgroep en by de presintaasje oanwêzich te wêzen. Fierders steane de plannen net fêst en wurde alle beswierren meinommen yn de kommende evaluaasje fan it plan.

De ledegearkomste freget it bestjoer om in ekstra gearkomste te plannen om oer dizze en mear saken te praten. It bestjoer sil him dêr oer beriede.

[Der hat op 12 maaie in ekstra gearkomste west oer dit plan. De ynhâldlike kryptyk op it plan op de ALG is meinaam yn it ferslach fan dy gearkomste.]

3. Ferslach fan de ALG fan 25 novimber 2021

Baukje Zijlstra hie oanfollings op en oanpassings foar har bydrage oan de foarige gearkomste. Se sil al har ferbetteringen trochstjoere en Trevor Scarse sil it ferwurkje yn it ferslach.

4. Bûn of Boun

It bestjoer hat ûnder de leden hifke oft se akkoard giene mei it útstel fan de ALG fan novimber 2021 om de namme fan Skriuwersboun te feroarjen yn Skriuwersbûn yn oerienkomst mei de hjoeddeistige stavering.

61 leden ha op de enkête reagearre. Dêrfan wienen 40 leden it iens mei de nammeferoaring. 18 leden hâlde leaver "boun" yn de namme. En 3 leden hiene gjin miening.

Dat betsjut dat 66 % foar en 30 % tsjin wiene dat in twa tredde mearderheid is foar de nammeferoaring. De oanwêzige leden akseptearren de útslach en de nammeferoaring wurdt oannaam.

It bestjoer sil de nammeferoaring trochfiere by de notaris, tegearre mei de karbriefwizigings sa as fêststeld yn de gearkomste fan novimber 2021.

Op it stuit is de namme ferwurke yn it logo, dat soe miskien loskeppele wurde kinne of der kin in nij logo makke wurde. Wilco Berga hat it logo ûntwerpe en dy moat om tastimming frege wurde it besteande logo oan te passen. Ek moat it logo yn ferskate soarten oanmakke wurde foar digitaal gebrûk.

5. Jierferslach

Willem rint it ferslach mei de leden troch. Der wiene gjin fragen fan de leden.

6. Finansjeel ferslach 2021 en kaskontrôle

De kaskommisje, besteande út Syds Wiersma en Simon Oosting, hat it finansjeel ferslach fan de (foargeande) ponghâlder besjoen en goedkard. Om't André Looijenga doedestiids ferantwurdlik as ponghâlder wie nimt hy mei de hjoeddeistige ponghâlder Jan Woudstra de finansjele ferslaggen troch.

Foarich jier ha wy stipe krigen fan it FLMD foar it bydrukken fan it jubileumboek om út te dielen oan learlingen dy't it eksamen Frysk diene. Dat is binnenkommen.

Yn 2020 is der net aktyf kontrolearre of de leden it ledejild al of net betelle ha. Dit is yn 2021 wol dien en efterstallich ledejild is ynbard.

It Skriuwersboun is net BTW ferplichte.

It Zoom-abonnemint, dat nedich wie foar de digitale ledegearkomsten yn koroanatiid, is foar dit jier betelle. Foar it kommende jier moat evaluatearre wurde of der noch gebrûk fan makke wurdt. As dat net it gefal is, dan sil it abonnemint opsein wurde.

Der wurdt frege wat der dien wurdt mei it jild dat op it stuit op de bankrekken stiet. Dat wurdt foar in grut part brûkt foar it Skriuwerswykein yn oktober en de frijwilligersfergoeding fan it bestjoer.

Dy fergoeding bestiet op it stuit út 125 euro de moanne it bestjoerslid. Dit is oannaam op foarwearde dat we fan de Provinsje mear subsydje krije. Foar de ALG yn novimber sil it bestjoer evaluatearre hoe't it budzjettêr mei de fergoeding stiet.

Alle jierren wurdt ien fan de twa kaskommisjeleden ferfongen. Om't Syds der twa jier yn sitten hat, wurdt de gearkomste frege oft in oar sit nimme wol yn de kommisje. Gjinn fan de oanwêzige leden koe, dat it bestjoer sil op syk nei in kandidaat ûnder de rest fan it ledebestân.

André wurdt tanke foar syn taljochtings.

7. **Beneaming nij bestjoerslid**

Reina Greet Smeink-Kroodsma wurdt foarsteld oan de ledegearkomste as nij bestjoerslid. Reina skriuwt foar bern en stikem foar grutte minsken. Sy hat bydroegen oan de Tomke-rige en har earste eigen berneboek leit no by de útjouwer. Op de webside fan it Skriuwersboun is ek in fraachpetear te finen tusken har en Jan Woudstra.

Sy sil de taken fan sekretaris fan Trevor Scarse oernimme. Trevor sil him dwaande hâlde mei de webside en de sosjale-mediakanalen.

8. **Omfreegjen**

Der binne fierder gjin fragen.

9. **Lêzing troch Victor Schiferli**

Nei it skoft krijt Victor Schiferli, meiwurker fan it Letterenfonds, de romte om wat te fertellen oer harren aktiviteiten. It Letterenfonds is yn 2010 ûntstien út de fúzje fan de Stichting Fonds voor de Letteren en it Nederlands Literair Productie- en Vertalingenfonds. It Letterenfonds is ferantwurdlik foar de promoasje fan Nederlânsk- en Frysktalige literatuer yn it binnen- en bûtenlân yn de breedste sin.

De boekferkeap (ynklusyf digitale boeken) hat de lêste jierren reedlik stabyl west, rûn de 41 miljoen, mei yn 2021 sels in lytse útsjitter nei boppen, mei 43 miljoen ferkochte boeken. Nederlânske en Fryske oersettings binne efterútgien omdat boeken faker yn de orizjinele taal kocht en lêzen wurde. 1 op de 6 ferkochte, papieren boeken binne boeken yn in frjemde taal, benammen it Ingelsk.

Der binne grutte ferskillen tusken boeken kwa oantallen ferkocht. 2% fan it gehiel soarget foar de helte fan de omset. It is fantefoaren net te sizzen hokker boeken by dy 2 prosint hearre, dêr sitte soms grutte ferrassings by. Al dogge ferhalebondels it nea goed.

De aktiviteiten fan it Letterenfonds yn it binnenlân binne rjochte op it stimulearjen fan de produksje fan skriuwers en oersetters. Der binne projektsubsydzjes beskikber foar orizjineel wurk en oersettings út frjemde talen wei. Jacques Huiskes is einferantwurdlik foar it fasilitearjen fan dizze oanfragen. Ek kinne literêre organisaasjes subsydzjes krije foar aktiviteiten en eveneminten. Oersetters kinne ek gebrûk meitsje fan it Vertalershuis yn Amsterdam.

Lykas in soad oare kulturele ynstellings hat it Letterenfonds lêst fan besunigings, de grutste koartings ynfierd ûnder Halbe Zijlstra. Dêrom dat der no in maksimum oantal boeken is dêr't skriuwers subsydzje foar oanfreegje kinne. Hoefolle subsydzje jûn wurdt is ek ôfhinklik fan it ynkommen fan de skriuwer sels. De oanfragen wurde beoardiele troch in advyskommisje. It honorarium fan oersetters mei in projektsubsydzje wurdt betelle troch de útjouwer en it Letterenfonds, al is dit minder heech as honoraria foar orizjineel wurk.

Yn 2021 hat it Letterenfonds mear as 2000 oanfragen behannele. Mear as 300 skriuwers, oersetters, biografen en podcastmakers ha subsydzje krigen. Dit jout ek oan dat it Letterenfonds net allinne boeken stipet, mar ek oare literêre projekten, lykas apps. Fierders organisearret it Letterenfonds meardere prizen foar (oersetten) literatuer. Op de webside fan it Letterenfonds kinst ek in database fine fan skriuwers en oersetters. In oar inisjatyf, schwob.nl, rjochtet him op promoasje fan resinte oersettings fan literêre klassikers.

It Letterenfonds besiket ek data te sammeljen oer de boekferkeap yn binnen- en bûtenlân. Dat is soms lestich, al binne de bestsellers meastal wol bekend. Soms binne oersettings bedoeld foar in regio mei beheinde ynfastruktuer sadat it lestich is kontakt te hâlden oer dit ûnderwerp. As goed as it giet, besykje se oer safolle mooglik ynformaasje yn te winnen sadat se har eigen belied der ek op ôfstimme kinne.

De promoasje fan Frysk- en Nederlânsktalich wurk yn it bûtenlân leunt op trije pylders: netwurkjen (bygelyks op boekebeurzen), subsydzjes en promoasjemateriaal. Se produsearje meardere folders mei in oersjoch fan nij wurk om bepaalde gebieden fan de literatuer yn Nederlân by bûtenlânske útjouwers bekend te krijen. Foar it Frysk komt der ynsidinteele folders út. Foar de titels dy't opnaam wurde yn de folders wurde der foarbyldoersettings makke, sadat ynteressearre útjouwers drest dielen fan it boek lêze kinne.

It is dreech om fantefoaren presiis te sizzen hokker boeken suksesfol binne yn it bûtenlân. Typysk "Nederlânske" settings, bygelyks it plattelân, falle somtiden goed yn it each om't dat dan wer in eksoatyske setting is foar de útlânske lêzer.

Dochs is it fan belang hoe goed it boek ferkocht is yn Nederlân sels. Ek goede resinsjes soargje derfoar dat in útjouwer der earder ear foar ha. Dêr stiket it yn Fryslân neffens de leden, bygelyks troch in efterútrinnende Frisistyk binne der net folle of gjin goed ûnderleine, ûnôfhinklike resinsinten.

Eat dat Victor ús meijouwe wol is dat foar oersettings Dútslân tradisjoneel in bettere merk is as de Angelsaksyske wrâld. Yn Dútslân wurdt der in soad oerset wurk lêzen, al begjint oerset wurk no ek populêrder te wurden yn de Ingelsktalige wrâld.

Wat it goed docht yn it bûtenlân is benammen de jeugdliteratuer. Non-fiksje giet de lêste jierren ek better. Op it stuit giet it minder mei literêre fiksje; dit wurdt faak te depressyf fûn. Om in boek oerset te krijen ferget in soad trochsettingsfermogen. It duorret faak jierren om de winsklike kontakten op te bouwen en te ûnderhâlden foardat der in soad oersettings oannommen wurde troch útlânske útjouwers.

De promoasje troch it Letterenfonds giet benammen fia de útjouwers. It kontakt mei Fryske útjouwers rint hieltiten better.

Victor merkt op dat der net al tefolle Nederlânsktalige oersettings binne fan Frysk wurk. Dat soe neffens him handich wêze om Fryske boeken oan de man te bringen yn it bûtenlân. Leden anderje dat in Nederlânske útjefte jild kostet en de ferkeap fan it orizjinele Fryske wurk yn it paad sit. Ek ha Nederlânske útjouwers minder nocht om Fryske boeken oer te setten om't de oersetrjochten by de Fryske útjouwer leit en se it boek dus net sels trochferkeapje kinne oan it bûtenlân. Lykwols, der is Provinsjale subsydzje beskikber foar oersettings nei it Nederlânsk. It soe faaks ek handich om Boeken fan Fryslân te belûken yn dizze kwestje.

It is miskien wer tiid om in folder te meitsjen foar de Fryske literatuer. Dat, we moatte kontakt mei inoar hâlde om soks te realisearjen.

Mear ynformaasje is te finen op letterenfonds.nl. It mailadres fan Victor Schiferli is: v.schiferli@letterenfonds.nl

10. Sluting

De gearkomste wurdt om 22.30 oere sluten. Der is noch gelegenheid foar leden om nei te praten mei wiet en drûch.